



PAKE LEIT DWERS!

(Opa, sei doch nett so dumm)

In komeedzje yn trije bedriuwen fan

ULLA KLING

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

Nederlânske oersetting fan

ERIK BOK

Nederlânske titel:

Doe toch niet zo dwaas

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **PAKE LEIT DWERS - OPA, SEI DOCH NETT SO DUMM** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ULLA KLING** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2018 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **9** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSOANEN:

PAKE VONK - in gemoedlik âld man, hâldt fan in grapke, hy is dôf foar de goed bedoelde rie fan de bern. De lêste tiid is hy wat ferjiltlik.

LUDWIG - jongste soan, aardet nei syn heit.

HANS - âldste soan, in mantsje presys, sit wat ûnder de tomme by de frou.

LYDIA - vrou fan Hans, in haaibaai, mar se mient it net ferkeard, se is allinne bang dat se oan koarter ein komt.

GERDA - jongste dochter fan Pake, in leave vrou, se is krekt by de man wei en moat no soan Leendert allinne grutbringe.

IRMA - in resolute vrou, sawat like âld as pake, rûge bast/geve pit figuer.

JOLANDA - in jonge, kreaze vrou.

FATIMA - vrou fan Turkske komôf.

DOKTER - kin sawol troch in man as in vrou spile wurde.

DEKOR:

In rommelige keamer. Op tafel stean kopkes en boarden dy't net ôfwosken binne, troch de hiele keamer lizze kranten en klean. Der stiet in koai mei in kanarje deryn. Fierder in doar nei de keuken, in doar nei de hal en ergens in rût.

YNDIELING:

Earste bedriuw: in dei troch de wike

Twadde bedriuw: de oare deis

Tredde bedriuw: trije moanne letter

EARSTE BEDRIUW

(de radio stiet oan, lûd! Pake leit te snoarkjen yn in leunstoel. Der komt reek ûnder de keukensdoar troch. Der wurdt op de bel drukt en der wurdt kloppe. It klopjen wurdt lûder en driuwender. Dan stoarmet Ludwig it poadium op)

LUDWIG: (skoddet pake wekker en docht de radio út) Heit, wekker wurde! Hast de bel net heard? (hy sjocht de walm) Heit, hoe faak moat ik it noch sizze? It komt noch es sa fier datst it hiele hûs yn de fik stekst! (hy giet fluch ôf en dan wurdt de walm al minder)

PAKE: (wurdt stadichoan wekker) Hee, wat is der? Is der brân?

LUDWIG: (op) Dat skeelde net folle. (hy set in rût iepen) Do hast it iten oanbaarne litten. Je gean doch net lizzen te sliopen at it iten opstiet? En jo hearre ek neat at de radio sa lûd stiet. Ik ha de knokkels blau slein op de doar. It is mar goed dat ik in kaai ha.

PAKE: Dy kaai is allinne foar needgefallen.

LUDWIG: O, en dit is gjin needgefal, at it iten oanbaart en do leist prinshearlik te sliopen?

PAKE: Watfoar iten?

LUDWIG: Kom no, rûksto soms neat?

PAKE: Wat soe ik rûke moatte?

LUDWIG: Dit kin sa net langer. Der giet gjin dei foarby of do litst wat oanbaarne. Dêr komme nochris ûngelokken fan.

PAKE: Wat kin der no oanbaarne? Ik ha neat opstean.

LUDWIG: Heit, praat no gjin ûnsin. Do hast fansels wat op it stel setten en doe bist it fergetten. Dat soe net foar 't earst wêze.

PAKE: Mar it is hielendal gjin iterstiid.

LUDWIG: Nee hear, do leist fansels al oeren te pitten. It iten is finaal ferbaarnd. Atsto sizze kinst wat it wurde moast, dan wit ik it ek. It is ien grutte swarte klonte.

PAKE: (skoddet de holle) Nee jonge, do moatst dy fersinne. Ik sied sels gjin iten mear. Sûnt jim mem der net mear is ha ik sels gjin iten mear sean, dat witsto hiel goed.

LUDWIG: (rint oeral hinne en wer) Heit, wês net sa freeslik eigenwiis. Do giest altyd oeral tsjiny. Ik ha dy al hûndert kear sein...

PAKE: (pakt in board en in doaze fan de tafel) Ha, hjir ha 'k it! Dit ha ik fanmiddei iten! Grauweiten bôle, sûn en lekker. Alles biologysk didaktysk ferantwurde. Leaust my no? **My** hoechst it neat hûndert kear te sizzen, je moatte it **dy** altyd hûndert kear foarkôgje. Froeger as bern al, en no is 't net oars!

LUDWIG: (*besjocht de doaze dy't pake him jûn hat*) Hasto dit iten?
Gjin wûnder datst safolle noaten op 'e sang hast. Dit is gjin mûsly,
dit is sjongsied foar de kanarje!

PAKE: Werklik? Dêrom koe ik it ek net kwyt wurde fansels. Alles
bliuwde oan de kiezzen plakken. Dan kin ik moai probearje oft dat
spul ek wurket. (*hy besiket te fluitsjen as in kanarje*)

LUDWIG: Hâld op mei dy ûnsin, ik moat mei dy prate.

PAKE: Goed, mar doch earst dat rût ticht. It siicht hji.

LUDWIG: Dat moat ek, dan wurdt it hji teminsten in kear goed luchte.
Der hinget hji in stank dêr wurd je net goed fan.

PAKE: Sis, tink in bytsje om dyn wurden, do.

LUDWIG: Hoe faak ha ik net sein: 'Atst wat op it fjoer setst, bliuw der
dan by! Gean yn de keuken sitten en hâld der in eachje op'!

PAKE: En hoe faak ha ik dy net sein dat ik nergens in eachje op
hoech te hâlden. Ik itensied al lang net mear! Do bist deselde dy't
eigenwiis is, net ik. (*kwasy ûnskuldich*) Miskien wie it Lydia. Dat is
krekt wat foar har, it iten oanbaarne litte en dan my de skuld jaan.

LUDWIG: Doch net sa dwaas! Do ferdraaist altyd alles! Do moatst
ien ha dy't in bytsje om dy tinkt.

PAKE: (*reagearret misledige*) Wol ja, in oppasser seker. Ik bin âld en
wiis genôch om op mysels te passen.

LUDWIG: Ik ha 't net oer in oppas, mar oer in hûshâldster. (*hy pakt
wat kopkes en hâldt dy pake ûnder de noas*) Hji, sjoch dan, dy
stean der al minstens in wike. Hat Lydia dat soms ek dien? (*hy pakt
in panne ûnder de bank wei*) En hji, (*hy sjocht yn de panne*) in
laach skimmel fan trije sintimeter. Komt dat ek troch Lydia? (*pake
lûkt oan de skouders*) Heit, harkje no, sa kin it doch net langer
trochgean? It wurdt tiid dat der ien yn 'e hûs komt om de boel te
beoarderjen. At ik dy wie soe 'k my der mar by deljaan, oars wurde
der miskien wol oare maatregels nommen.

PAKE: Ha, en troch wa dat dan?

LUDWIG: Troch ús allegear. Hans en Lydia kinne hji elk momint
wêze en wa wit komt Gerda ek noch wol.

PAKE: Ha, de famyljerie hat besletten. Bloedsûgers. Parasiten. Fan
Lydia hie ik sa'n streek wol ferwachte. Mar fan jim, myn eigen fleis
en bloed. Jim moatte jim skamje, achter de rêch fan in âld man om
beslute wat der mei him gebeure moat. It is in skande!

LUDWIG: We wolle doch allinne mar wat goed foar dy is?

PAKE: It is mar goed dat jim mem dit net mear mei hoecht te
meitsjen. Sy hie wol rie mei jim witten.

LUDWIG: En mei dy ek! Do tinkst doch net dat mem yn sa'n bargestâl
leve wollen hie? Se hie dy oer de knibbel lein. Ald stiifkop. (*wer*

kalmer) Harkje heit, wy ha it bêste mei dy foar. Wêrom ferhuzest net lekker nei in oanleunwenning of in gesellich tehûs? Dêr is 't skjin, der is selskip, do krijs op tiid iten. Wat wolst noch mear? Doch doch net sa dwaas!

PAKE: Ik gean net nei in tehûs!

LUDWIG: Nim dan in húshâldster!

PAKE: Niks derfan! Salang at ik it hjir foar 't sizzen ha komt der gjin frjemd froufolk oer de flier. Jim mem soe har yn it grêf omdraaie!

LUDWIG: Okee, bêst, hâld de poat mar stiif. Smyt de kont mar tsjin de krêbe. Mar sis net dat ik dy net warskôge ha! (*der wurdt belle, Ludwig giet ôf en komt even letter wer op mei Hans en Lydia. Pake hat yntiid it rût wer tichtdien, hy stekt in piip aan en giet rêtstich yn de leunstoel sitten*)

LYDIA: Hearken minsken, wat hast no wer útspoeke? It sjocht hjir blau fan de reek. Doch dy piip út en set dat rût iepen! Je kinne hjir wol stikke!

PAKE: (*mei klam*) Dat rût bliuwt ticht! Goemiddei Hans, hoe is 't jonge? Do ek goemiddei Lydia.

HANS: Ha heit, hoe is 't?

LYDIA: Ja, ja, goeie. Wat hast no wer oanbaarne litten?

PAKE: Hoe komst derby dat ik wat oanbaarne litten ha? Wêrom giet elkenien der fan út dat it myn skuld wol wer wêze sil? Ik hie wol siik wêze kinnen, of wa wit de kanarie wol. Mar nee, elkenien freget wat ik no wer oanbaarne litten ha. Jim besjogge it mar, ik jou my even del. Jim witte doch altyd alles better as in oar. (*hy jout him op de sofa del, demonstratyf mei de réch nei de oaren ta*)

HANS: Heit, doch net sa koppich. Wy ha ommers it bêste mei dy foar! Ik ha spesjaal in dei vrij nommen om de saken hjir te regeljen.

PAKE: Der falt hjir neat te regeljen.

LYDIA: Ja, dat kin doch net. Hans nimt net foar neat in dei vrij. Wy meitsje ús algeduerich soargen om dy. Nim dan einlings es in mobile telefoan, dan kinne we dy teminsten oeral berikke.

PAKE: Ik sjoch wol út, at ik sa'n ding ha sjoch ik de pakesizzers noait wer.

LYDIA: Sûnt datst hjir allinnich wennest ha ik gjin rêtst mear. En do dochst as kin it dy allegear neat skele.

PAKE: It kin my ek neat skele.

LYDIA: (*tsjin Hans*) No hearst it sels. Ha 'k it net sein? Mei him falt net te praten. Hy is sa koppich as in ezel.

HANS: Lydia, asjeblaft, wyn dy net sa op! Do makkest heit allinne mar senuwachtich mei dyn gedoch. (*tsjin Ludwig, dy hat foar him*

sels in fleske bier helle) Wêr bliuwt Gerda? We hiene doch ôfpraat, dat we dit mei syn allen regelje soene?

LYDIA: Gjin idee, se hie hjir eins al wêze moatten. Wa wit hat de bus wol fertraging.

LYDIA: Dan sil ik yntiid yn de keuken wat oarder op saken stelle. (*se nimt de panne mei de skimmel mei*) It is doch ferskriklik, in mins soe omkomme yn syn eigen smoargens. (*ôf*)

PAKE: Guon minsken kinne sa freeslik oerdriuwe.

LUDWIG: Wat seist heit?

PAKE: Neat, ik dream lûdop. (*yntiid hat Hans ek in pilske foar him sels helle. Hy en Ludwig oerlizze tegearre, se prate wat sachter en sjogge no en dan nei pake*)

LUDWIG: Hans, ik bin der net sa foar om heit yn in tehûs te stopjen. Kin er net by jim ynwenje, Lydia en do ha in kast fan in hûs.

HANS: In kast fan in hûs? Dat is wol in bytsje oerdreaun. De bern ha allegear harren eigen keamer. Dêr binne se aan wend. Se soene it net begripe at ien fan harren de keamer ynleverje moast. Neffens Lydia binne de bern krekt op in leeftiid dat soks traumatiske gefolgen ha kin. Ik ha myn wurkkeamer, dy kin ik net misse omdat ik soms it wurd op kantoar net ôfkrij. Lydia moat in keamer ha om te striken, te naaien en sa. En dan hat in mins ek behoeftje oan privacy, we sitte elkoar no al op 'e lippe.

LUDWIG: Op 'e lippe? Mei syn fjouweren op hûndert fjirtich kante meter?

LYDIA: (*steekt de holle om de hoeke fan de doar*) Hans, do litst dy net omprate, hearst. Heit komt yn gjin gefal by ús yn. Ik ha al genôch oan de holle mei it grutbringen fan de bern en it bestjoer fan de Rotary. Boppedat bin ik mar de skoandochter. Lit Gerda 'm mar yn 'e hûs nimme!

HANS: Al goed, al goed. Do hoechst net sa te razen, heit sliept krekt.

LYDIA: Ik woe it noch es even dûdlik stelle. By ús kin er yn elk gefal net. Ferjit net dat it hûs op myn namme stiet. (*se giet de keuken wer yn*)

HANS: En hoe sit it mei dy Ludwig? Kin heit net by dy yn?

LUDWIG: By my? Op myn twakeamerflatsje? Dat is doch bespotlik? Boppedat is hy dan noch de hiele dei allinnich. Dan stekt er myn flat yn de fik ynsteefan syn eigen hûs. (*der wirdt belle*) Ah, dêr sil Gerda wêze. (*Ludwig ôf en komt werom mei Gerda*)

GERDA: Ha goeie allegear, sorry dat ik wat let bin, mar ik moast earst Leendert noch fan de kresj helje. (*se praat nei bûten*) Moai sa, brave jonge, boartsje do mar fijn yn de tún. (*se draaft fuort (ôf) en ropt achter it toaniel*) Bah, Leendert, net dwaan. Lis del. Do meist

gjin wjirms yn de mûle stopje. Hjir, moai mei it skepke boartsje, mem is der sa wer. En tink derom, neat mear yn de mûle stopje. Hjir hast in lolly. (se *komt wer op*) En, ha jim al wat besletten?

HANS: Nee, wy binne der ek noch mar krekt.

LUDWIG: Ik ha noch besocht om him om te praten, mar hy is sa freeslik eigenwiis. Neffens him is der neat oan de hân

GERDA: Dat kin doch net? Aansen docht er him sels wat oan.

LYDIA: (*op, skrabbet in panne skjin*) Ik ha al sein dat wy heit yn gjin gefal yn 'e hûs nimme. Wêrom nimsto him net Gerda? Do hast genôch romte no't dyn man by dy wei is.

GERDA: Soks kinsto allinne mar betinke. As soe ik net genôch oan de holle ha nei de skieding en de soarch foar de lytse Leendert. En Henk is net fan doel om ek mar ien sint alimintaasje te beteljen. Foar Leendert wol, mar foar my net. Dus moat ik wer oan 't wark. En dan is heit ek de hiele dei allinnich.

LUDWIG: Gerda hat gelyk. Dat is it grutste probleem, je kinne him gjin tel allinne litte.

LYDIA: Nim my net kwea ôf hear, ik frege it allinne mar!

HANS: Litte we gjin rûzje meitsje. It liket my it bêste dat er nei in tehûs giet. Dêr wurdt teminsten op him past, der kin er de hiele dei lekker yn de sinne sitte en in potsje kaarte. We moatte der allinne foar soargje dat er regelmjittich ien fan ús hinne giet. Dêrom ha ik alfêst in list makke om dat te regeljen. Lydia en ik kinne op moandei in healoerke, foar't we nei de Rotary geane. At Ludwig dan op tiisdei giet, en Gerda, do op woansdeitemiddei tegearde mei Leendert.

LUDWIG: Ho, ho, net sa fluch. Wy ha noch hielandal net besletten dat heit nei in tehûs giet. Boppedat wol er dat sels alhiel net.

LYDIA: Fansels wol er dat net, dêrom moatte wy foar him beslute.

GERDA: Ha jim al útsocht hoefolle oft dat kostet, sa'n tehûs? Ik wit net oft ik dêr oan meibetelje kin, ik ha krekt genôch om sels rûn te kommen.

LYDIA: O, nee, at it sa fier komt moat elk meibetelje. Sûnder útsûndering!

PAKE: (*komt oerein, sit*) En hoe hiesto dy dat dan foarsteld, Lydia? Betellet elk nei draachkracht? Ha jim dêr ek in list foar opsteld?

GERDA: Dach heit, (se *jout him in tút*) bist einlings wekker?

PAKE: Wekker? Hoe kin ik no sliepe mei dat geharrewar fan jim?

HANS: Heit, we draaie no al moannen yn in kringje om elkoar hinne. Hjoed moat der in beslút komme.

LYDIA: Presys! Presys! (*tsjin pake*) We moatte dy gewoanwei twinge dyn gelok te gripen.

PAKE: Gelok?! It wie in gelok west at ik tagelyk mei jim mem de piip útgongen wie.

HANS: Sa meist net prate. Wy wolle doch allinne mar wat it bêste foar dy is?

LYDIA: We dogge dit yn dyn eigen belang.

LUDWIG: Foar dizze iene kear bin ik it mei Lydia iens. Do witst sels likegoed datst de lêste tiid alles ferjits. Wy wolle dy allinne mar helpe.

PAKE: Ah, is dat jim manier fan helpen? My weistopje yn ien of oar gesticht.

GERDA: Heit, doch no net sa dwaas! Net ien wol dy yn in gesticht stopje.

PAKE: O nee? It giet krekt as mei dy âlde Kerstens fan hirneist. Dy soe ek nei in keurich pensjon, ‘foar hearen op leeftiid’. Doe’t er dêr oankaam fregen se him wa’t de steatsekretaris fan folkssûnens wie. Doe’t er dêr net daliks in antwurd op hie, ha se ‘m op in ôfdieling mei inkeld senile flybjende âlde minsken set. No is hysels krekt sa. My meitsje jim neat wiis!

LUDWIG: Kalm mar, doch no net sa dwaas. Tsjin dyn wil giest net nei in tehûs. Mar dan komt der wol in húshâldster! Dêr wurdt net mear oer mekkere, dat beslis ik!

LYDIA: Sûnt wannear beslisto? Hans is de âldste soan, dy is it haad fan de famylje.

PAKE: Hans? Haad fan de famylje? Oer myn lyk!

GERDA: In húshâldster...? Dat fyn ik in goed idee. Dan hoechst hir ek net wei. Meitsje dy gjin soargen heit, wy sykje in kreaze en rëstige frou fan dyn leeftiid foar dy út om de boel hir in bytsje op oarder te hâlden.

PAKE: Fan myn leeftiid? Ik ha der gjin nocht aan om de hiele dei tsjin in rimpelich âld bepke oan te sjen. Dan gean ik likeleaf nei sa’n gesticht. Ik wol in jongfaam, at ik der al ien wol.

LUDWIG: (smeulsk) Heit, do hellest dy doch neat yn de holle wol?

PAKE: En wêrom net? Sa âld bin ik no ek wer net.

GERDA: (sjocht nei bûten) Nee, Leendert, lis dy wjirm del. Mem hie sein datst net alles yn de mûle stopje mochtst!

PAKE: Wat? Myn pakesizzer is hir, en jim sizze neat? Fraai is dat! (hy sjocht ek nei bûten) Och, sjoch no, hy besiket in wjirm troch te slokken. Wachtsje Leendert, do moatst dy wjirm net echt opite, dat is in trûk om famkes skrikke te litten. Kom mar, jou pake dy wjirm mar, dan sil ik it noch ien kear foardwaan. (hy giet nei bûten en stekt de holle noch even om de hoeke fan de doar) Dy trûk hat er fan my leard. (ôf)

GERDA: Heit, do learst dat bern net noch mear streken. Hearst my wol!? Ik ha gjin tel rest at hy mei dy jonge allinne is.

LUDWIG: (*laket*) Ik wit noch dat Leendert noch mar krekt geboaren wie. Sa grutsk as in aap mei san sturten wie er. Dat bern hie neat fan himsels neffens heit, it wiene syn eagen, syn noas, syn hadden...

GERDA: En dy kear dat er Leendert út de widze helle hie en him meinaam hie te fiskjen.

LUDWIG: En dy kear datsto de plysje bellest omdatsto tochtst dat Leendert untfierd wie. (*laket*)

LYDIA: Ja, laitsje der mar om, nei dy beide fan ús freget er amper.

HANS: Kom Lydia, dat is net wier. Se binne him allegear like leaf. Do wolst ommers net ha dat se nei pake ta gean.

LYDIA: En ha ik net gelyk? Hy leart se allinne mar unsin. Lesten woene se in raket bouwe.

GERDA: Der stekt doch gjin kwea yn?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via
www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en
toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



info@toneeluitgeverijvink.nl



072 5112407



“Samenspelen” is ons motto